

# Paadwize yn de argiven



Wat is it ferhaal achter in grinspeal yn de Dollard? Wa hat dy peal delset en wannear? Yn Dútske argiven wurdt neamd dat er út 1924 komt, mar wurdt dat befêstige yn Nederlânske argiven? As projektmeiwurker Waadakademy besykje ik antwurden te finen op sokke fragen.

| Syds Wiersma

De Waadakademy wol lakunes yn de kennis fan it Waadgebiet yn kaart bringe, kennis útwikselje en ûndersyk dwaan. Dêrfoar is it belangryk dat der goede oersjoggen binne fan besteande argiven. Mei it projekt WISWAD, in gearwurking fan de Waadakademy en Tresoar, is dêr yn 2009 in begjin mei makke. Doel wie it dwaan fan in ferkening nei in saneamd Waad Ynformaasje Systeem. Sintraal stie de fraach hoe't in online systeem makke wurde kin dat op ynsichtlike en systematyske wize it paad wiist nei al dy ferskate kennisboarnen oer

en yn it Waadgebiet, en dan benammen it soarte boarnen dy't net daliks te sjen binne, mar mear ferburgen lizze. Skatgrave nei ynformaasje dy't út it sicht rekke is, ûndersyksresultaten fan jierren tebek, dy't faak ferburgen lizze yn argiven en buro's fan amtners en wittenskippers. Yn it ramt fan WISWAD waarden twa pilots dien. De iene moast in globaal oersjoch jaan fan argiven mei wichtich, âld kaartmateriaal fan it Nederlânske Waadgebiet, en de oare in ynventarisasje fan argiven mei gegevens oer lânoanwinning en bediking lâns de Nederlânske kust en op

de eilannen. It projekt waard in healjier letter ôfsletten. De beide pilots hiene in smite oan gegevens oplevere. Yn wthoefolle argiven – ryks, provinsjaal, gemeentlik, partikulier – leinen spoaren fan de skiednis fan de lânoanwinning besonken, faak mei moaie kaarten derby.

## Waadargiven

De Waadakademy, Tresoar en InterWad kamen mei it projekt Waadargiven as ferfolch. Doel wie oersjoggen te hawwen fan argymateriaal oer oare ûnderwerpen, lykas de fiskerij (regulier en skulpdier), skipfeart,



# oer it Waad

*Bûtsikerij is ien fan de tema's binnen it projekt Waadargiven (Spaarnestad).*



waar en klimaat, boaiem en ûndergrûn, floara en fauna, natuerbehear, lytsskalige ekonomyske aktiviteiten, hannel en yndustry. Ynformaasje oer it projekt Waadargiven en pdf-bestannen mei argyf materiaal oer ferskate ûnderwerpen binne no al te finen op de webside fan de Waadakademy ([www.waddenacademie.knaw.nl](http://www.waddenacademie.knaw.nl)). Hieltyd mear minsken witte it paad nei de Waadargiven te finen. Fan ferskate kanten kamen fragen en dat toant de brede potinsje fan it projekt oan. Sa die in masterstudint fan de TU Delft literatuerûndersyk nei de oanpak en techniken by it oanlizen fan de dyk tusken Holwert en It Amelân yn 1872. Wy fûnen bysûnder materiaal, in rapport oer de dyk fan Lely út 1888, dat materiaal sil no fierder bestudearre wurde. In oar dy't opgroeid wie by it Noarderleech hie mei bruorren en susters diskusje hân oer de techniken en

helpmiddels dy't eartiids brûkt waarden by de lânoanwinning. It Fries Film Archief brocht útkomst mei âlde bylden fan de lânoanwinning.

## Digitaal argyf

Dizze foarbylden meitsje it tsjinstferlienende karakter fan it projekt dúdlik: minsken wurde oan ynformaasje holpen dy't se sels net sa maklik fine kinne om't se it paad nei of yn de argiven net kenne of om't de ynformaasje ferspraat leit oer ferskate argiven en argyfyNSTânsjes. Mar de foarbylden litte ek sjen wat noch ûntbrekt: in goed online data- en syksysteem dat ynformaasje tagonklik makket. It beskikber stellen fan oersjoggen op de webside is noch net botte publyksfreonlik. Dêrom is yn de projektbeskriuwing daliks fêstlein dat der in online katalogus en datasysteem

komme moat, dêr't minsken op ienfâldige wize ynformaasje mei boppe wetter helje kinne. Dat systeem wurdt no sa fleksibel mooglik boud. It sil net inkeld ynformaasje oer argiven en argyfstikken jaan, mar ek oer (wittenskiplike) publikaasjes, foto's, films, kaarten, museale objekten, kranteberjochten, ensafuorthinne. Takomstige brûkers kinne de katalogus maklik trochsykje, ûnder oare mei in aquabrowser. It doel is dat de katalogus pleatst wurdt op de websiden fan Tresoar, Waadakademy en waddenzee.nl. Dêrmei komt in Waad Ynformaasje Systeem tichterby: in multymediaal en digitaal argyf dat paadwiist nei alderhanne soarten fan ynformaasje en kennis oer it waadgebiet. In systeem dat der boppedat ta bydraacht dat parten fan dy ynformaasje fierder bestudearre, ûntsluten en digitalisearre wurde.